

Diggelguod en ambysjes

FD 01-07-2006

troch Yvonne Dijkstra

Wat is it wêzen fan de Literatuer? En moat in boek perfoarst ta de literatuer hearre om in 'goed' boek te wêzen (wat 'goed' dan ek mar wêze mei)? It wiene fragen dy't by my opkamen nei't ik it nijste boek fan Anders M. Rozendal, *Dy jonge fan Beintema*, lêzen hie. In flot ferteld ferhaal, mar literatuer mei in haadletter L is it net. Streekliteratuer miskien, lektuer. Net dat dat wat útmakket trouwens, want it lêst as in trein en sil by in grutte groep lêzers, seker de wat âlderen, goed yn de smaak falle.

De haadpersoan yn *Dy jonge fan Beintema* is Teo Beintema, in antyheld dy't mar net sympatyk wurde wol. Mar it libben hat him dan ek

net meisitten. As poppe wurdt er in moanne te betiid berne en hy rêdt it libben der mar krekt ôf. Yn de jierren dêrnei is Teo noch faak siik en hy bliuwt lyts en fyn fan stâl. Mar oan wilskrêft ûntbrekt it him net en syn hiele libben draait dan ek mar om ien ding: immen fan kwizekwânsje wurde. Dat liket te slagjen as er yn de winkel fan de bruorren Steensma komt te wurkjen as ferkeaper fan diggelguod en lytse húshâldlike apparaten. Teo set him der foar yn en klimt hieltyd heger op de maatskiplike ljedder. Ik sil mar net ferklappe hoe't it ôfrint mei Teo, mar in grutte ferrassing is it net.

Rozendal is in flotte ferteller dy't ekonomysk gebrûk makket fan taal: hy brûkt net mear mar ek net minder wurden as nedich bin-

ne om dit ferhaal te fertellen. It boek lêst werklik wier as in trein en hâldt de lêzer yn de besnijing, ek al is al gau dúdlik hoe't it ôfrinte sil mei Teo. En ek al is it gjin sympatike haadpersoan, dochs giet de sympaty fan de lêzer nei him út. Dat komt fansels omdat jo altyd meilibje mei de haadpersoan, mar ek omdat Teo deryn slagget om him út syn posysje wei as underdog - arbeidersjonge yn middenstânmiljeu, lyts en fyn, net sa populêr - omheech te wurkjen. En dat docht er hiel tûk mei de goede wurden op it goede momint. Dochs bliuwt er 'in lytse, iensume man mei grutte idealen', sa stiet op side 140. Dy tsjinstellingen yn syn karakter komme goed nei foarren yn it ferhaal.

Net allinnich Teo en it miljeu

dêr't hy út komt, wurde mei in pear pensielstreken karakterisearre, ek de bruorren Steensma sa't Rozendal se op side 19 beskriuwt, stappe hast út it boek wei: 'Wijnand en Henk Steensma wiene beide freifeint bleaun. Se wennen boppe de winkel, harren suster Minke, dy't mei in Wopke Gardener troud wie, kaam ien kear yn de wike del om de boel skjien te hâlden en die de wask foar de broers. Fierders rêden se harsels (...) en om't der net ien wie dy't de mannen wat de iterij betref, koart hold, seagen de bruorren Steensma der mear as goed út. Oan alle kanten rûn' (side 19). It binne eksentrike mannen dy't in soad fleur yn it ferhaal bringe, mar ek wat tragyk.

Neist de bruorren Steensma bin-

ne ek de leden fan de middenstânferiening wichtige personaazjes. Rozendal hat syn ferhaal situearre yn it middenstânmiljeu fan in lyts Frysk stedsje. Hy fertelt hoe't de lytse middenstanner it ôflizze moat tsjin de grutte winkelketens. No wit ik dêr net folle fan ôf, mar it byld dat Rozendal sketst is hiel oannimlik, neffens my. Winkels dy't fan heit op soan oergeane, in lyts klubke ûndernimmers dy't it foar it sizzen hat yn de stêd: der wurdt in kompleet byld sketst.

Sa't ik al sei, literatuer is it net, dit boek; dêrfoar is alles tefolle útskreaun. Der bliuwt te min oer foar de lêzer om te betinken, hy hoecht him allinnich mar meifere te litten op de wurden fan de skriuwer. Mar, kin ik jo fertelle, dat is alhiel gjin straf.